

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinners:  
FNP, Wopke Veenstra  
50PLUS, Theun Wiersma

Mei-yntsjinner(s): *CU Matthys de Vries*  
PvdD, Menno Brouwer  
SP, Hanneke Goede  
GrienLinks, Elsa van der Hoek

Moasje nr.	3
Paraaf	<i>[Handwritten signature]</i>
Wurklistpunt	6
Beslút	

*d'66 Bea Bylsma*

## MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	20 april 2022
Wurklistpunt	06. Gebietsûntwikkeling Hegewarren
Koarte titel fan de moasje	Blaugerslannen
De Steaten, yn gearkomste byinoar op 20 april 2022, heard hawwende it berie;	
oerwagende dat	
<ul style="list-style-type: none"><li>út ûndersyk bliken dien hat dat de healannen yn It Lege Midden fan Fryslân, mei in grutte fan 100.000 hektare, omtrint it jier 1750 foar minimaal de helte út blaugerslannen bestie en op it stuit der inkeld noch mar sa'n 20 hektare (fersnipperde) goed ûntwikkele blaugerslannen oer binne;</li><li>Fryslân in wichtige ferantwurdlikheid hat foar it behâld fan dit unike fegetaasje type;</li><li>der ferlet is fan in dúdlike útspraak oer it behâld fan de tige seldsume en kwetsbere besteande natuer yn de foarm fan de blaugerslannen yn de Hegewarren dat yn behear is by it Fryske Gea;</li></ul>	
sprekke as harren miening út	
<ul style="list-style-type: none"><li>dat it behâld fan de besteande blaugerslannen yn de Hegewarren wichtig is fuor it behâld van seldsume natuer;</li></ul>	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none"><li>by de útwurking fan de plannen yn oparbeidzjen mei it Wetterskip en de gemeente te soargjen foar it behâld fan de blaugerslannen yn de Hegewarren;</li><li>konkreet oan te jaan hoe de beskerming der út sjen sil en hoe't optimale omstannichheden foar de blaugerslannen realisearre wurde sille;</li></ul>	
en geane oer ta de oarder fan de dei	

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Wopke Veenstra 50PLUS, Theun Wiersma PvdD, Menno Brouwer SP, Hanneke Goede GrienLinks, Elsa van der Hoek
---------------	--

*d'66 Bea Bylsma*  
*CU Matthys de Vries*  
*Maacke Kees*

MOASJE